



# DE JÛNTIID FAN IT LIBBEN

Blijspul

door

**AAN PANDER**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE JÛNTIJD FAN IT LIBBEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **AAN PANDER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2014 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

#### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **2** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

#### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSONEN:**

**Janne**

**Sibbele**

As de gerdinen iepen gean sitte Sibbele en Janne op in bankje foar in âldereintehûs.

In pear keunstbeammen oan beide kanten fan it bankje soe it taferieltsje moai meitsje.

Sy binne âld klaaid. Janne hat in saneamd gehoarapparaat yn it ear en njonken har stiiet in rolator mei in tas. Yn de tas in pûde sjips en in bûsfleske mei bearenburch en twa romers. Sybe hat in piip yn de mûle. Pet op, grutte bril op ensf. Sit der wat sleau by.

Janne: (*lûd*) No ha ik jo al trije kear wat frege,... werom jouwe jo gjin antwurd?

Sibbele: Jo hoeche net sa te razen, ik bin net dôf.

Janne: No, ik ek net no't ik in gehoarapparaat ha, gut, o gut, o gut.

Sibbele: (*laitsjendewei*) Dan meie jo de batterijen wol ris neisjen. 'Witte Kat' noch seker?

Janne: Nee hear, suster hat er duracelbatterijen yn dien (*laitsjende*) 'die gaan langer mee'.

Sibbele: No jo it sizze, it is krekt as hie ik al wat heard, wat fregen jo ek alwer?

Janne: Ik sei, ha jo wol ris jokte?

Sibbele: Wat is dat no foar fraach, elk minske hat wol ris jokte.

Janne: Wat kin jokte jokje net? Gut, o gut, o gut, o gut. Wer ha jo dan wol ris jokte, as ik freegje mei?

Sibbele: Jo stelle wol aparte fragen as ik sa frij wêze mei, mar goed. Sjoch jokte kinne

jo oer it hiele lichem krije; ik ha wol ris- - - - -

Janne: (*lit Sibbele net útprate, sjocht rjocht foar har út*) Lesten hie ik jokte op de rêch, gut, o gut, o gut, o gut. Ik koe der mei de hân net iens by komme, gut, o gut, o gut, o gut. Wat kin jokte dan jokje net?

Sibbele: Jo moatte sa mar rekkenje.....

Janne: (*lit him wer net útprate*) Ik ha ek wol ris jokte yn it hier, mar dêr wolle jo leaver net

klauwe, oars soene de minsken tinke dat jo flieen ha, gut, o gut, o gut.

Sibbele: Sjoch yn de oarloch froeger....

Janne: (*falt him wer yn de rede*) Ik ha ek al ris jokte by de nâle hân, mar dat wie gordelroas. Wat kin jokte dan jokje net? Dokter hat my der doe medisinen foar jûn, mar der koe ik net oer, gut, o gut, o gut.

Sibbele: No, jo ha al hiel wat meimakke, (*prate trochelkoar*) Ik ha froeger ek al es jokte by de lytse tean hân, mar dat kâm fan de neil bla bla blaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaa.

Janne: Letter ha ik oare pillen krigen, fan dy rôze, gut, o gut, o gut. Dy

wiene sa grut as in pipermuntsje, gut, o gut, o gut.

Sibbele: (*docht de eagen ticht en giet noflik sitten*)

Janne: (*sjocht rjocht foar har út*) Us mem hie froeger ek fan dy grutte pillen, mar dy wiene blau. Sy koe se hast net troch krije en die se yn in leppel sûpenbrij. Ja, wy hiene ek wol ris moallenbrij of griesmoalbrij, mar dat wie folle djoerder. Sneins hiene we stive pudding mei beisop. Wat wie dat lekker!. Wy krigen ek wol ris bôlebrij, mar der wie ik net gek op, gut, o gut, o gut.

Sibbele: (*mei de eagen ticht en sjocht foar him út*) Ha jo juster Feijenoord ek sjoen?

Janne: Hè? Moat ik dy kenne? Wêr wie dy?

Sibbele: (*mei in sucht*) By de haadsuster.

Janne: By de haadsuster? - - - - - fan wa is dat dan ien?

Sibbele: Och minske, wer ha wy it oer.

Janne: (*sjocht him sitten mei de eagen ticht*) Neffens my harkje jo net iens nei my.

Sibbele: Ach, wat kin my dat geëamel oer dy jokte en brij skeele, ha jo net wat oars te fertellen?

Janne: No, sil ik jo wat sizze. Ferline wike wie ik in dei by in kunde yn de stêd, sy is in dochter fan ús buorman syn broer dy't froeger direkteur fan de molkerij wie.

Sibbele: Ja, en dêr wer in tante fan seker.

Janne: Nee, hear no efkens! Sy hie krekt de waskmachine lege en stie iten te sieden. De waskkoer stie noch oer de flier. No, ik tocht, ik kin de wask wol efkens opteare en die dat. Wylst komt se de keamer yn. Ik sei ha jimme meikoarten in feestje? Want it binne hjir allegearre feestmûtsen en kleure fiters.

Sibbele: Ja, de jeugd fan hjoed de dei makket oeral in feestje fan.

Janne: Nee man, it wiene gjin mûtskes en fiters, mar ûnderbroeken en dy fiters neamde se strings. Wier se ha súver neat mear om't got. Gjin wûnder dat se it sa faak oan de blaas ha en mar nei dokter reizgje, gut, o gut, o gut, o gut.

Sibbele: (*laket*) Ja wy wiene froeger net te bestekken, safolle klean hiene wy oan.

Breiden ûnderguod, baaien himden en lange ûnderbroeken. Wy koene ús by't winter mar amper bewege.

Janne: Ja, wy hiene breiden ûnderrokken oan en letter ek noch in korset. Gut, o gut, o gut.

Sibbele: Of in duffel as jopper en as wy op de fyts wiene ek noch fan dy learen stjoermoffen, wêr'st de hannen yn stekke koest.

Janne: Ja, se witte no fan gekkichheid net wat se oan dwaan sille. Bleke spikerbroeken of broeken mei gatten deryn is no hielendal yn de

moade. Gut, o gut, o gut.

Sibbele: Ik sil it jo noch sterker fertelle. Ik wie lêsten by ús Marten op de klaai en myn pakesizzer (*ek in Sibbele*) rûn yn fan dy soldatenkistjes mei de fiters los. Ik sei, do hast de fiters los hear, straks stroffelst der oer. Fitters binne der om de skuon ticht te hâlden. Witte jo wat er sei? Dat is moade! Ik sei, jonge doch net sa dom, straks leist langút op de dyk.

Janne: Ja, wy begripe de jeugd fan tsjinwurdich net mear. Gut, o gut, o gut.

Sibbele: Middeis moast ik efkens te pisjen. Doe't ik fan't húske kam hie ik de gulp mei sin iepen stean litten. Fansels reaksje. Pake hat de gulp noch iepen stean en antiek is djoer. En der gekoanstekkerich efteroan: en foaral it lytsguod! No, jo witte myn reaksje tink wol?

Janne: (*laitsjend*) Dat it moade wie tink?

Sibbele: Ja, dêr hie der net wer fan werom. Ik sei, de rits is om de gulp ticht te hâlden krekt sa as skuonfitters. Mar om de 'lieve vrede wil' ha ik him mar ticht dien, gut, o gut.

Janne: Werom sizze jo: gut, o gut, o gut?

Sibbele: Ehhhhh....omdat jo jokte ha.

Janne: Wer slacht dat no wer op? Gut, o gut, o (*slacht de hân foar de mûle.*)

Sibbele: Jo sitte seker op ôfdieling A fan Aparte.

Janne: Dan sitte jo op ôfdieling S fan Slûge.

Sibbele: Lit ús der mar oer ophâlde.

Janne: Sitte jo al lang yn dit âldereintehûs?

Sibbele: No, earlik sein noch mar in pear wiken en ik moat noch bot wenne. Myn frou is al wat jierren wei en thús gong it net mear, dat sadwaande.

Janne: Ik sit hjir al seis jier. Doe't myn man weirekke bin ik al rillegau hjir hinne gien. Ik fielde my thús sa allinich. Wy hiene gjin bern en fierdere famylje ha ik net. (*in bytsje oandien*) Allinnich is ek mar allinnich, mar witte jo wat it is: dan krije jo ek net faak besite.

Sibbele: Ik soe eins wol wer in frou ha wolle foar de gesellichheid.

Janne: No, ik moat der net oan tinke wer by in oare man op bed te lizzen.

Sibbele: Mar jo hoeche der foart net mei op bed. Gewoan foar in praatsje.

Janne: No, jo rûke wol hiel lekker moat ik sizze. Der sil it net oan lizze.

Sibbele. Sjoch dat komt sa: ik ha gjin ferstân fan rûkersguod, froeger hiene we Old Spice, mar dat kinst nergens mear krije. Likemin as brilcrème foar it hier.

Janne: Mar wat ha jo dan op, want it rûkt suver krûdich.

Sibbele: No, ik ha efkes by myn skoansoan op de wasktafel sjoen, omdat dy froeger oan elke finger wol in frommes krije koe en dêr fûn ik Joop Aftershave, mar wat is dy rotsoai djoer, mear as tritich euro.

Janne: Tritich euro? Gut, o gut (*slacht de hân foar de mûle*) o gut. Komme jo ek út Snits?

Sibbele: Nee, ik kom út Eiberegeasten. Ik bin in Elgersma, ien fan Sikke en Swaan.

Janne: No, dat soe ik net witte. Dy kin ik net, mar Eiberegeasten leit toch tsjin in grut keal heidefjild oan?

Sibbele: Ja, dêr ha jo gelyk oan, it is ien grutte flakte mei nergens een beam te bekenen.

Janne: No, dan ha jo dêr in soad tahâlden tink?

Sibbele: Der moatte jo mar goed op rekkenje. Ien keer bin ik sa skrokken. Ik wie der spier allinne en der kamen twa fan die grutte bufviers oan fleanen en mar gromme en nei my bite. Jo wolle net witte hoe gau ik yn in beam siet.

Janne: En jo seinen krekt dat der gjin beammen wiene.

Sibbele: Hè - - - - Jo moatte samar tinke: as jo bang binne wit je sa fluch net mear wat je dogge.

Janne: Raar is't, ik fyn dit wol in hiel sterk ferhaal.

Sibbele: Wy hiene thús tolve bern. Saterdeimiddeis efterelkoar yn de tobbe en as ús mem tocht dat se de lêste wosken hie, gyng ús heit der noch efkes mei de túnklauwer trochhinne om te sjen dat er net ien efterbleaun wie.


Janne: (*laket*) No kinne we heare dat jo liege, want dit is wol in hiel sterk ferhaal.



Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**